

## PROGRAMMA 94<sup>e</sup> AG en FRIEZEDI

TIID	WAT
<b>94<sup>ste</sup> ALGEMIENE GEARKOMSTE fan it FRYSK BOUN OM UTENS</b>	
10.00	Ynrin mei kofje, tee en oranjekoeke.
10.30	Iepenje AG en sjongen Frysk Folksliet.
10.40	Wurklist AG trochrinne – koart en saaklik.
12.00	Sluten AG.
12.00	Lunsj yn it restaurant fan it Provinsjehûs / besjen Steatenseal.
<b>FRIEZEDI 2018 yn de KOMMISSJESEAL fan it PROVINSJEHUS</b>	
12:30	Ynrin dielnimmers Friezedei mei tee of kofje.
12.55	Mienskiplik koar nimt har plak yn.
13.00	Iepenje Friezedei troch foarsitter Frysk Boun, Jan Bijkerk.
13.10	Mienskiplik koar sjongt it Frysk Folksliet en twa ferskes.
13.25	Taspraak Kommissaris fan de Kening, de hear A. Brok.
13.45	Mienskiplik koar sjongt trije ferskes.
14:05	Seal klearmeitsje foar Jelmar Hoekstra en Fokke Plantinga.
14:15	Jelmar Hoekstra en Fokke Plantinga fan Hymphamp mei in koarte foarstelling mei sketskes en sang oer 95 jier FBoU (op nei de 100!), de Friezen om Utens en de Kulturele Haadstêd 2018 deryn ferwurke, ôfwiksele mei de types of sankjes dy't sy al yn harren repertoire spylje.
15:30	Skoft mei tee, kofje of fris mei oranjekoeke.
15.45	1. Stêdrûnrit of ..... 2. Rûnlieding Blokhúspoarte 'Ontmasker de geheimen van de Blokhuispoort' of ..... 3. Film mei foto's fanôf 2005 fan eveneminten fan it Boun, te besjen yn it Provinsjehûs.
17:00	Formeel ofslute fan de Friezedei.
17.05	Mienskiplike koar sjongt ta beslút trije ferskes.
17:20	Gesellich ôfslute mei in feestlik hapke en in drankje.
18:00	Ein fan de Friezedei!



# TSJOCH!



Geniet, maar drink met mate. - Geen 18, geen alcohol.



Oprjochte 8 febrewaris 1899 en dus hast 120 jier. Elk jier is der in ferskaat oan aktiviteiten; in útsje nei Fryslân, in Fryske tsjerketsjinst, trije jûnen mei kabaret, muzyk of toaniel, in krystmiel en in 'oanklaaide' ledegearkomste.

Ynformaasje oer it selskip is te finen op [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl) en klik op Krite Swol.

Mear witte? Stjoer in mailsje nei [frykselskipswol@gmail.com](mailto:frykselskipswol@gmail.com)

It **Frysk Sjongkoar Swol** is in mingd koar mei sa'n 40 leden.

It koar repeteart op freedtemoarn; fan septimber oant jannewaris 1 x yn de fjirtjin dagen en o.e.m. april elke wike. De repetysjetiid begjint mei in midsimmermoeting en wurdt ôfsluten mei in útsje en in optreden earne yn Fryslân.

Sa'n trije kear yn't jier hat it koar in optreden.

Wa't graach sjonge mei en mear witte wol, kin kontakt opnimme mei [wilvanderleij@gmail.com](mailto:wilvanderleij@gmail.com) of ☎ 038-4538808.



**afûk**

Fryske boek-  
en kadowinkel

Bûterhoeke 3  
Ljouwert

24 oeren deis winkelje op afuk.frl

Op 14 april is de winkel oan de Sneker-  
trekweg 37 yn Ljouwert iepen fan  
8 oant 20 oere.  
Jo krije op dizze dei 15% koarting  
op sawat it hiele assortimint (net op de  
boeken).  
De grutste kar yn Fryske Produkten  
(1400 stiks).  
De kofje stiet klear, jo binne tige wolkom.



**Fryske-produkten.nl**


*Een Fries cadeau, vind je zo!*

# De Jouster Klokkenmakerij

Voor ambachtelijk vakmanschap

Verkoop, reparatie en restauratie van originele  
Friese, klassieke en moderne klokken

De Jouster Klokkenmakerij  
Douwe Egbertsplein 8  
8501 AB Joure  
Tel. 0513-414104  
[www.jousterklokkenmakerij.nl](http://www.jousterklokkenmakerij.nl)



Rijkserkend restauratie/reparatie-atelier



<b>Ynhâldsopjefte:</b>	<b>side</b>
# Ynhâld fan it jubileumboekje - ribskoarje .....	2
# Foaropwurd fan de foarsitter .....	3
# Gedicht 'Bern fan Fryslân' .....	5
# Lied sûnder titel fan S. Laverman (1913) .....	7
# Provinsjehûs Fryslân en de Steateseal .....	8
# Siswizen .....	12
# Emigranten (gedicht) .....	13
# Provinsjehûs Fryslân en de Steateseal .....	14
# De weromreis fan Age Wildschut (ferrhaal) .....	15
# Swarte Hoanne (gedicht) .....	18
# Aktiviteit: Rûnrit Ljouwert .....	19
# Aktiviteit: Rûnlieding Blokhúspoarte .....	20
# Boeketafel, sjongkoaren, ferlotting en bestjoer BoU .....	21
# Oersjoch stipers en tariedingskommisje .....	22

## **Friezedei 2018 - 95-jierrich jubileum!!**

By binnenkomst krije jimme in slûf mei dêryn:

- ◆ In bon foar de lunsj as jo dat oanjûn hawwe;
- ◆ In yntreebewiis mei in nûmer der op (foar de sealpriis);
- ◆ Twa konsumpsjebonnen foar tee of kofje;
- ◆ Trije konsumpsjebonnen foar oar drinken;
- ◆ In bon foar de aktiviteit dy't jo keazen ha;
- ..... en jo krije dit jubileumboekje.

## **RIBSKOARJE**

De lunsj en it drinken ensfh. wurdt de hiele dei fersoarge troch de minsken fan it restaurant fan it Provinsjehûs.

# **FRIES JOURNAAL**

Kroniek van het goede leven in Friesland

abonnement@friesjournaal.nl

**FRIES JOURNAAL**

Gaestdyk 50 | 8522 MX Tjerkgaast

0514-531891

administratie@friesjournaal.nl

www.friesjournaal.nl

facebook <https://www.facebook.com/FriesJournaal>

Voor € 15,= (excl. btw) abonnee worden?

Stuur een mail naar [abonnement@friesjournaal.nl](mailto:abonnement@friesjournaal.nl)

Hoofdredactie : Albert van Keimpema

Advertenties: Pietie van Keimpema

Uitgever: Mentis Media

Opmaak: New Publishers, Natasja van der Weg

Druk: SMG Group, Hasselt en Joure

**Onafhankelijk, boven alle partijen.**

## OERSJOCH STIPERS MEI ADVERTINSJES EN PRIZEN

- **Provinsje Fryslân** stelt harren Kommissjesal fergees ta beskikking en helpt ús mei it organisearjen fan de Friezedei - Hulde foar it behear fan it Provinsjehûs!!
- **Sonnema B.V.**, Stoombootkade 12, 8701 KA Bolsward. Advertinsje yn ús jubileumblêd, Beerenburg, romers en dienblêden
- **Jouster Klokkenmakerij**, Douwe Egbertsplein 8, 8501 AB Joure. Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Fryske Winkel Afûk**, Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert. Advertinsje yn ús jubileumblêd
- **Friese produkten.nl**, Snekertrekweg 37, 8912 AA Leeuwarden. Advertinsje yn ús jubileumblêd en op 14 april 2018 15% koarting foar dielnimmers Friezedei.
- **Fryske Akademy**, Doelestraat 8, 8911 DX Leeuwarden. Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Van Dijk's Roggebroodbakkerij**, Streek 64, 8464 ND St Jânsgea . In doaze mei 20 pakjes brea foar de ferlotting.
- **Bakkerij Molkwar BV**, Transportwei 11, 8501 ZR Joure. 5 pakketten koeke fan 10 euro foar de ferlotting.
- **Frysk Selskip Swol**, frykselskipswol@gmail.com. Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Krite 'Meiinoar Ien' fan Hurderwyk e.o.**, Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Krite Sékrite Flevolân fan Lelystêd e.o.**, Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Fries Journaal**, Gaestdyk 50, Tjerkgaast . Advertinsje yn ús jubileumblêd.
- **Vita Wonen**, Ter Huivra 2, 8501 GZ Joure. Advertinsje yn ús jubileumblêd.

## TARIEDINGSKOMMISSJE

De tariedingskommisje fan dizze dei bestiet út:

- ◆ Pietie Westdijk - Kaastra, krite Utert en lid bestjoer Frysk Boun;
- ◆ Tia Walstra, krite Twinte;
- ◆ Kees van der Beek, krite Hurderwyk en skriuwer bestjoer Frysk Boun;
- ◆ Jan Bijkerk, krite Sékrite Lelystêd en foarsitter bestjoer Frysk Boun
- ◆ Krite Swol en Apeldoarn, dy't mei de ferlotting fersoarge ha.



## Foaropwurd fan de foarsitter.

Bêste freonen fan it Frysk Boun om Utens,

Dit jier bestiet it Frysk Boun om Utens 95 jier en dat is hiel bysûnder. Noch mear bysûnder is it om't it falt yn it jier dat Ljouwert Europeeske Haadstêd fan Europa is. Ja, en dan is der yn feite mar ien kombinaasje mooglik: in Friezedei yn it Provinsjehûs yn Ljouwert!

Jierliks binne der twa steden Kulturele Haadstêd fan Europa. Yn sa'n jier lit de stêd him fan syn bêste kant sjen mei in wiidweidige kulturele programmearring. Nei Amsterdam (yn 1987) en Rotterdam (yn 2001) wie dit jier wer in Nederlânske stêd oan bar. Op 6 septimber 2013 makke de sjuery bekend dat Ljouwert foardroegen waard as Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018 oan it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip.

Ljouwert / Fryslân hat de ideeën fierder útwurke yn in bidbook. Wichtich is dat dit sjen lit dat der in needsaak leit om Kulturele Haadstêd te wurden. Ek moat it bidbook dúdlik meitsje hoe't de titel Kulturele Haadstêd derfoar soargje sil dat de stêd bliuwend ferbetteret.

**Wetter, Lân en Hoarizon** wiene de trije metafoaren dy't yn it Bidbook foar Ljouwert en Fryslân útwurke binne:

**Wetter** stiet foar beweging, dynamyk en libben. It wetter rint as in reade tried troch it libben fan de Fries. Wy sjogge dit werom yn de nea ophâldende striid tsjin it wetter (fan terpen en diken oant it stigen fan de seespegel) en it gebrûk meitsjen fan wetter foar transport en rekreaasje.

**Lân** stiet foar it finen fan in nije, stabile identiteit. It lân leit de ferbining fan de stêd mei it plattelân, wêrby noarmen en wearden behâlden bliuwe. Ek de Fryske taal is hjirby tige fan belang. De taal soarget ommers foar ûnderlinge ferbining en in bân dy't ek fier oer de grinzen hinne rikt.

**Hoarizon** stiet foar it langjen fan ynwenners om finsters iepen te setten, út te fleanen en te ûntdekkjen. It byld hoarizon stiet foar it ferlizzen fan de eigen grinzen, it sykjen nei ferskaat. Hoarizon giet oer wat foar ús leit, wat wy berikke kinne en berikke wolle mei respekt foar tradysje en natuerlike omjouwing. Foar de kommende 4 jier stiet Fryslân mei de Kulturele Haadstêd 2018 as katalysator foar de útdaging om bekoarliker te wurden foar bûtenlânske mer-



ken.

Yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018 hat de provinsje mei de gemeente Ljouwert in tige nijsgjirrich programma betocht en in festival kalinder mei (ynter)nasjonale top-eveneminten dy't brede doelgroepen oansprekt. Ljouwert stribbet der bygelyks nei om jierliks 5% mear besikers nei Fryslân te lûken mei oantreklike foarstellingen en ynternasjonale eveneminten.



De provinsje sjocht it programma Kulturele Haadstêd 2018 as katalysator om mear ynternasjonale besikers te lûken en Fryslân / Ljouwert fierder te ûntjouwjen op kultureel, toeristysk en maatskiplik mêd.

No minsken, dêrom binne wy hjir hjoed yn Ljouwert, yn it Provinsjehûs fan ús Fryslân!

Der is yn dy fiif-en-njoggentich jier in protte feroare. Mar ien ding is itselde bleaun. Krektlyk as eartiids fiele wy yn ús hert dat foar in minske op dizze ierde 'it eigene' tige wichtich is. En foar ús is dat 'eigene' dat wy Friezen binne dy't lykwols bûten Fryslân wenje, mar dy't harren ôfkomst nea ferjitte sille.

Djip yn ús brânt der in fjurke. Djip yn ús hawwe wy dat bysûndere gefoel dat net yn wurden út te drukken falt. It hat te meitsjen, en ik helje graach de wurden fan ús âld-foarsitter, Hâns Dijk, oan, mei heit en mem, mei pake en beppe, mei in knyn yn it hok en in planke oer de sleat. It hat te meitsjen mei it hûs en it doarp dêr't wy hikke en tein binne. Hjoed komme wy byinoar om dat feest te fieren, om te sjongen, te spyljen en inkelde hichtepunten fan Ljouwert te besjen. It giet om nocht en wille. En wy dogge dat noch yn de iuwenâlde taal, dy't wy fan ús âlden leard hawwe.

It programma fan hjoed sjogge jimme op de efterside fan dit jubileumboekje. De tariedingskommisje fan dizze Friezedei hat der in protte wurk oan hân, mar ik kin jimme sizze: sy hawwe in moai programma betocht.

Lâns dizze wei wol ik graach de stipers tige tank sizze foar harren jeften en fansels yn't bysûnder de Provinsje Fryslân foar it gebrûk fan it Provinsjehûs.

Ik winskje jimme hjoed in tige moaie en gesellige middei ta en litte wy sa ús Fryske taal, ús Fryske sang, ús Fryske toaniel en kultuer yn eare hâlde!

Jimme foarsitter, Jan Bijkerk.

## DE BOEKETAFEL fan SINTRALE BOEKFERKEAP (SBF).

De boeketafel wurdt fersoarge troch **Jelma Wiegersma** fan Selskip Swol en **Jan Roelants** fan krite Utert. Sjoch ris by dizze tafel en as jimme wer thús binne, sjoch dan ek ris op de webside:

[www.fryskbutenfryslan.frl/Sintrale Boekferkeap](http://www.fryskbutenfryslan.frl/Sintrale_Boekferkeap) .

Dêr stiet de boekelist fan alle boeken dy't der by it SBF binne.

## SJONGKOAREN.

De sjongkoaren fan de kriter Boadegraven, Lelystêd, Twinte en Swol hawwe de ôfrûne winter flink oan't repetearjen west om mei de ferskes, dy't sy hjir hjoed sjonge sille, sa goed mooglik foar it ljocht te kommen. De kriter hawwe elk apart de ferskes leard en binne ien kear byinoar kommen. Dit mienskiplike bounskoar stiet ûnder lieding fan diriginte Jelma Wiegersma.

## FERLOTTING

Fierder is de ferkeap fan lotsjes troch in fjouwertal leden fan de kriter Swol en Apeldoarn - **in slúfke kostet € 5,-**; sit der yn jo slúfke in nûmer, dan stiet der op de prizetafel in artikel mei itselde nûmer der op. Graach oan it ein fan 'e middei de prizen ôfhelje.

**Elke slúf is priis!**

## IT BESTJOER fan IT FRYSK BOUN om UTENS.

### It bestjoer fan it FBoU bestiet tsjinwurdich út:

- ◇ Jan Bijkerk - Lelystêd, foarsitter
- ◇ Kees van der Beek - Ermelo, skriuwer.
- ◇ Jan Vogel - Blokker, ponghâlder.
- ◇ Gerrit Stegenga - Apeldoarn, twadde skriuwer.
- ◇ Pietie Westdijk - Kaastra - Houten, lid.
- ◇ Hylke de Haan - Delft, kandidaat-lid

## Rûnlieding Blokhúspoarte.

‘Untmasker de geheimen fan de Blokhúspoarte’.



In rûnlieding mei âld-bewarders troch de Blokhúspoarte.

luwenlang stiet hy al yn it sintrum fan Ljouwert, de Blokhúspoarte. Gâns misdiedigers hawwe hjir finzen sitten. Mannichien fûn ek it ein oan de galge op it Blokhúsplein. Ferneamde nammen as Dokter O., Aage M. en fansels de Hogerhuizen hawwe hjir histoarje skreaun.



Elkenien kin noch wol de film oer de ferneamde oerfal yn desimber 1944 tiens de Dútske besetting.

In spannend gebou mei masterlike ferhalen ferteld troch âld-bewarders. Lit jimme rûn liede en ferwûnderje jo oer de sellen en fansels de isolearsellen yn de kelders fan dit “kastiel”.

## Bern fan Fryslân.

Wy sille altyd bern fan Fryslân bliuwe  
wêr't ek ús wegen liede op `e wrâld.  
Wêr't ús de winen en de seeën driuwe  
dit jout ús libben en ús hert syn hâld.

Bern fan de wide, rûne, griene romte,  
dêr't bôgjende in blauwe loft oer stiet;  
dêr't wolken glide, as de maitiid komt te  
ferrizen mei de ljurk syn jubelliet.

Bern fan de feale, grize klaai: dy grûnen,  
dy't eltse winter lizze as bestoarn,  
mar eltse maaie opnij it libben wûnen  
en eltse simmer drage in gouden kroan.

Bern fan de smûke bosken yn de Wâlden,  
dêr't smelle wegen boartsje ûnder `t beamt.  
De wyn strykt yn in marke stil syn fâlden  
en flúst `ret yn de blêden, mearkefrjemd.

Bern fan de marren, dêr't de weagen skomje  
en seilen weiwurd' yn ûneinichheid.  
Bern fan it Waad, dat driigje kin en gromje  
of blinkend as in sulv'ren spegel leit.

Wêr `t ús de winen en de seeën driuwe,  
dit jout ús libben en ús hert syn hâld.  
wy wolle altyd bern fan Fryslân bliuwe,  
fier of tichtby, oeral yn de wrâld.

Anne Jousma.

# Fryske krite

## “Meinoar Ien”



**De Fryske Krite “Meinoar Ien” winsket alle Friezen om  
Utens op de Friezedei fan 2018 it gefoel fan Meinoar Ien te  
wêzen.**

**Aktiviteiten wêr't jimme út kieze kinne  
fan 16:00 oant 17:00 oere.**

### Rûnrit Ljouwert



Ljouwert hat der fanôf mids 2017 in attraksje by. Der rydt in elektrysk treintsje troch de binnenstêd dy't toeristen by de moaiste plakken en gebouwen lâns bringt. It begjin en einpunt is op by it Provinsjehûs en in ritsje duorret in lyts oere. De trein is eigendom fan ûndernimmer Jelle de Visser út Goutum. Hy kaam op it idee by in fakânsje yn Frankryk wêr't hy sa'n treintsje seach. Inisjatyfnimmer Jelle de Visser biedt passazjiers de mooglikheid de Fryske haadstêd fan út in duorsum ferfiermiddel te besjen. Kultuer en duorsumens geane hân yn hân by dit toeristyske konsept.

De Visser hat de trein, dy't de kleuren fan Cambuur draacht, yn Sjina bouwe litten. As de trije wagonnen fol sitte, kinne der sechstich minsken mei. Fia in gelûdssysteem kinne de minsken yn fiif talen harkje nei útlis by de plakken wêr't hja lâns komme.





## Swarte Hoarne

Wy stien' by Swarte Hoarne op 'e seedyk  
en skôgen dêr de romme keale fierten,  
út smelle slinken yn it weake slyk  
kaam ús de lucht fan seewier yn 'e mjitte.

De waadsee reaunte sêft en mankelyk,  
mar driuwe stoarmen oer de kwelders hinne,  
dan sil it smoarge skom mei kwal en blyk  
yn wylde baren it basalt berinne.

Wy stienen ek by 't winter op 'e dyk,  
oerwrâld fan kâlde iisbestjurre weagen,  
turkoise-blau en wyt safier't wy seagen  
de noardpoal of antartica gelyk,

de eastewyn blies triennen yn ús eagen,  
wy sochten yn de herberch in ûntwyk.

Tsjits Peanstra—Ut: Oanspield



## Lied sûnder titel fan S. Laverman (1913)

omsetten yn it hjoeddeiske Frysk.

In Fries bliuwt Fries, wat him ontsjit, syn taal forjit er net,  
Wêr dat hy komt, wêr dat hy giet of him ta wenjen set.  
Yn't Fryske hert bliuwt Fryske sin, him bynt in taaie bân,  
Dy't bûge, mar net brekke kin, oan taal, oan folk, oan lân.

Yn aard en wêzen is hy oars, as d'oaren om him ta,  
Net better en net minder, - oars, dat 'oars' wol sines ha.  
Hoe lang hy yn'e frjemdt' al is, hoe fier oer lân, oer sé,  
Wêr dan op'e wrâld syn wenplak is, hy tinkt oan 't âlde sté.



Syn heitelân is 't, dat him lûkt, syn folk, dat leit him nei,  
Syn memmetaal is 't dat hy brûkt, komm' lânslju op syn wei.  
Hy kin net bûten d'âlde spraak, dy bliuwt by him yn ear;  
Oerhasket him de frjemde smaak, In Fries? ... hy is't net mear.

In echte Fries - it sit yn 't bloed - hâldt taal en seden fêst;  
Him dogge Fryske klanken goed, dy passe fierwei 't bêst.  
Sa noflik as syn deiske klean, him falle om 'e lea,  
Sa kin er mei syn taal om gean, sa leart hy 'n oare .... nea!

**Provinsjehûs fan Fryslân en de Steateseal** (fan Wikipedia).



*It provinsjehûs troch Jan Bulthuis (1750-1801)*

It provinsjehûs fan Fryslân, wêr't wy hjoed te gast binne, is de sit fan it provinsjaal bestjoer fan Fryslân hjir oan de Twibaks-merk yn Ljouwert. Ek de Kommissaris fan de Kening sit hjir om de sintrale oerheid yn de provinsje te fertsjintwurdigjen. It gebou is út de 16e iuw, foar 1578 wie it earst de wenning fan de abt fan Burgum en doe fan de biskop fan Ljouwert. Yn 1580 waard it de sit fan Deputearre Steaten fan Fryslân. De Provinsjale Steaten hienen earder harren gearkomsten yn it no ferdwûne Lânskipshûs. Sûnttiids is it gebou meardere kearen ferboud, yn maart 2009 is begûn mei de jongste ferbouwing en útwreiding.

De foarnaamste romte yn it provinsjehûs is sûnder mis de troch Van Lokhorst ûntwurpen Steateseal út 1891-1894. De neogoatyske seal is 15 by 10 meter

feit is, dat mem Ytsje noch de bern harren man en heit ea wer weromsjoen ha. Sels syn dea soe harren ûntkomme; Age Wildschut stoar yn de koartste nacht fan simmer 1942, 65 jier âld, yn it Dr. Wumkeshûs te Snits. Trije dagen letter waard er troch trije trouwe Gaastmarders yn 't bertedoarp beïerdige. Jild foar in stien wie der net. Troch oarlochsomstannichheden fernaam Ytsje earst begjin 1943 dat de man dy' t har op 'e iere moarn fan 11 maaie 1907 te Nijhuzum as breid yn de fersierde molkskou droegen hie, al in healjier ûnder de ierde lei.

Ytsje Wildschut-Ykema waard njoggentich jier âld en leit yn Zeeland-Michigan begroeven. Soan Jelle: 'It wie yn de jierren tachtich doe't wy as Amerikaanske Wildschut-famylje nei 't Gaastmarder tsjerkhôf gongen binne. Dêrnei ha wy by Moeke Ozinga yn Snits besletten in knappe stien op heit syn grêf te setten. Der stiet op 'Apart in life, together in death'.

Der wie dy simmers hurdsilen foar âlde frachtboaten. Skûtsjesilen. In Lammert Zwaga wûn dy kears mei it Langwarder skûtsje de priis. Mei it skip dat heit Age yn 1914 yn syn 37ste libbensjier mei eigen hannen boud hie.

Doe't wy de skûte sa oer de mar stowen seagen, brûzen hearden, o my God, dat waard ynienen ta in prachtich monumint, in monumint foar de heit mei it tsjustere libben. Der stie in soarte fan swan heech yn 't seil, der kaam mear en mear wyn en it skip hong skean, mar bleau oerein.

**'En it wûn. It skip fan ús heit.'**

*Ut: 'It Wrede Paradys' fan Hylke Speerstra.*



Roelofs Wildschut fan Heech en Aukje Tsjipkes van Netten fan de Gaastmar. Fan harren tsien bern soene fjouwer jonges en likefolle famkes folwoeksen wurde. Net dat it needlot dêrnei de húshâlding sparre, guon oare bern waarden rillegau widdo of widdoman. In pear soannen bleaune oer om de âlde famyljehelling oer te nimmen. Mar begjin tweintichste ieu waarden der te min aken, tsjalken en jollen úthelle en wie 't wer earmoede. Syn heit Age begûn fan Amearika te dreamen, syn mem Ytsje Lutzens Ykema fan Nijhuzum dreamde op 't lêste mei. James Wildschut hat de lêste jierren in soad war dien de tsjustere gong fan syn âlden te folgjen. Sa kaam der in âlde foto foar 't ljocht, in soarte fan ôfskiedsfoto, makke oan it Hellingpaad.

Yn ' e midden sit in sterke, moedige mem, sa te sjen wer swier fan in bern. Dêrnjonken de heit: net sa jong mear, in grutte snor, lykwols wat twivelriedich nei 't each fan de kamera eaggjend. De dochter skean efter de heit op wa't se liket. Dan noch de fiif jonkjes, yn de troch mem selsmakke matrozepakjes. Op har rûne kopkes gjin laits, sels gjin spoar fan in glimke.

'Fan de reis De Gaastmar-Michigan kin 'k my net folle mear foar de geast helje,' sei er. 'Mar ik hie leau 'k wol it benearjende gefoel dat der wat mei heit wie.' Heit Age siet jûns, wurch fan it houtfabryk, mei wiete eagen foar him út te stoarjen.

Wie it de neiklap fan de Spaanske gryp? Wie dizze keardel-út-ien-stik dan ûnwennich?

It kaam safier dat it near oer de hiele húshâlding lei, en it eintsjebeslút wie dat Ytsje foar noch mear buorlju de wask dwaan moast om genôch iten op tafel te krijen.

'Ik ha sa'n rare holle.' Mear kaam der net út. 'Hy moat werom nei Fryslân,' seine de riejuwers. Dêr soene de dokters him better begripe. Age Lourenssouan Wildschut waard nei twa jier Amearika op 'e boat nei Europa set. Allinne. Underweis soe der wol immen wêze dy't wat op him paste. Wilens besocht mem as 'ûnbestoarne' widdo yn Michigan om har keppel bern yn libben te hâlden.

As in grutte siel kaam Age werom op it Hellingpaad yn De Gaastmar, mar it duorre net lang doe siet er al yn 't Hegemer earmhûs. No en dan skriemde er, en dan tochten se dat er ûnwennich fan frou en bern wie. Soan James hie in kykje út dy tiid fûn: in gedachteleaze eachopslach fan in brutsen man dy't noch amper wit wêr't er op ' e ierde tahâldt.

It oangripende kykje, dêr't Age as in soarte fan doarpsgek op de Syl yn Heech flybkjend omhinget, soe syn frou en bern yn Amearika besparre bliuwe. Mar

grut en rom 8 meter heech. De romte wurdt ferljochte troch mei-inoar tolve spitse finsters heech yn de beide lange wanden. De finsters hawwe maaswurk en beglêze mei brânskildere glêzen, makke troch it Roermondske atelier Nicolas. De skilderingen stelle de wapens foar fan de alve stêden, de tritich gritenijen en de trije goaën wêryn Fryslân yn de tiid fan Karel de Grutte ferdielt wie: Eastergoa, Westergoa en Sânwâlden. Ek de wanden en de souder hawwe skilderingen dy't ryk binne oan Fryske symbolyk.

De noardlike wân, efter de sitplakken fan it kolleezje fan Deputearre Steaten, is beskildere mei fjouwer foarstellingen út de Fryske skiednis. Yn it earste tafiel binne de Fryske oanfierders Maloriks en Verritus te sjen dy't yn



Gemme van Burmania voor Philips II. XXV. October MDLV. Wy Friezen knibbelje allen voor God.

Rome de Fryske saak bepleitsje. De skildering hat as ûnderskrift: "Verritus en Malorix te Rome. Anno LIX. Gjin stjerling oertrefte de Friezen yn dapperheid of trou." De folgjende foarstelling toant de preekjende Bonifatius. Hjirfan is it ûnderskrift: "Biskop Bonifasius preket it Kristendom oan de Friezen. Anno DCCXXXV." De tredde ôfbylding is fan de eallju Eelko Liauckama en Feiko Botnia dy't troch Godfried fan Bouillon yn de Earste Krústocht ta ridder slein wurde. It ûnderskrift seit: "Eelko Liauckama en Feiko Botnia nei de ferovering fan Jeruzalim ta ridders slein. Anno MIC." De lêste skildering stelt de edelman Gemme fan Burmania foar dy't by de eedôflizzing foar Filips II wegere te knibbeljen en dêrby de wurden "Wy Friezen knibbelje allinne foar God" sprutsen hawwe soe. Ek hjirby is in ûnderskrift: "Gemme fan Burmania foar Philips II. XXV Oktober MDLV. Wy Friezen knibbelje allinnich foar God." De skilderingen binne ûntwurpen troch Hendricus Jansen (1867-1921) en sinjeard mei Henrieux. De útfiering soe fan de hân wêze fan in sekere Reclair, oer waans identiteit twifel bestiet.

Hjirboppe steane acht foarstellings fan figueren dy't deugden foarstelle. Hjirby is wat ôfwykt fan de sân kanonike deugden. Oanwêzich binne: soberens (symboal: jitte yn in skûtel), krêft (symboal: swurd mei skyld), hope (symboal: earn), leauwe (symboal: embleem alfa-omega), leafde (symboal: earn),

wierheid (symboal: ik bin it paad en de wierheid), barmhertichheid (symboal: it laam) en bannigens (mei as symboal: snoeren). Yn'e midden fan dizze muorre sit ek de skou mei in byldhouwurk dat trije fan de kardinale deugden foarstelt: foarsichtichheid, rjochtfearlichheid en krêft. Dit byldhouwurk is fan de hân fan Friedrich Stephan Stoltefus (1849-1910) en Johann Heinrich te Poel (1844-1897) fan de firma Te Poel en Stoltefus. Ek binne hjir it wapen en de flagge fan Fryslân, it Rykswapen en de spreuken 'Concordia res parvae crescut' en 'Je maintien-drai'. De foaroerlizzende wand hat in balkon mei de publike tribune ûnder trije spitse bôge-iepenings. Yn de bôge-fjilden binne beskildere mei ôfbylden fan de trije ingelen, elk mei in banderol om mei



72 fakken mei de wapens fan geslachten fan grytmannen

Fryske sprekwurden: 'Wierheit boppe al', 'It is mei sizzen net to dwaen' en 'Dy folle praet, moat folle wier meitsje'.

Dêrtusken noch twa frouljufigueren dy't de kloekens en de gollens persoanifisearje. Op de kerbielen dy't it balkon drage, stean de nammen fan fameuze Friezen, lykas Menno Simons, Gysbert Japicx en Onno Zwier van Haren.

It houten plafond is ferdielt yn 72 fakken en yn elk binne wapens skildere fan geslachten fan grytmannen.

## De weromreis fan Age Wildschut

*James Wildschut fan Lutz-Florida, Noard-Amearika.*

Hymjend rôlen de lome weagen fan de Golf fan Mexico oer it westerstrân fan Florida. De ljochte en waarme moarn die sear oan de eagen. Der kamen gromjende masinen oan dy't it wite poeiersân sljochten en harken. Steltrinnerkes saaiden skril fansiden. Der sieten in pear strânljippen tusken dy't wat heger op 'e poaten stiene as harren sibben yn Greonterp en Mitselwier. Sa hie Clearwater Beach syn eigen folk, floara en fauna.

It rûn tsjin kofjettiid en de snowbirds, de yn Florida oerwinterjende Amerikanen, ferlieten harren twadde hûs, filla, appartemint en mobyl hûs.

Even letter toffelen de earsten al it spesjaal foar harren sljochte strân op. Ald en griis, net in bytsje brún ferbrând en noch aardich goed op 'e gong. Sy yn swiete pastelkleuren, hy yn rom fallende, bûnte bermuda.

Boppe-op de iiskâlde blikjes drinken it jongste nûmer fan de St. Petersburg Times, it deeglike regionale deiblêd dat op elke tekstpagina de fiagrapil in pear kear yn in lytse advertinsje oanrekommandearre.

Watfoar gat de Amerikaan ek yn 'e merk fynt, it sil tichte wurde. De nûmerbuorden fan de fjouwer-, seis- en achtsilinder weinen op it fjouwer bunder grutte parkearterrein ferklapten wêr't dy sniefûgels de kâlde winter ûntflechte wiene: New Jersey, Ohio, Michigan, Wisconsin, Minnesota, Illinois, de Dakota's, Maine en gean mar troch. Sels strieken der guon del út it fiere Kanadeeske Nova Scotia.

Yn de lette hjerst fan it libben sochten se wer de iere maitiid op.

Jûn soene se inoar opnij tsjinkomme, yn de tunen efter de filla's, op de campings, yn de kafetaria's of oan de rinnende buffetten fan Spring Hill, Holiday, Port Charlotte, West Palm Beach. Miami. Snowbirds krigen hast oeral koarting. 'Wêrom? Because we de States strong makke ha.'

De Amerikaan James Wildschut Wilson rôlen de wurden yn linich Frysk-Amerikaansk út 'e mûle. Syn twa efternammen draacht er om't er folslein Amerikaans en tagelyk folslein Frysk wêze wol. As jonkje fan seis wie er mids septimber 1924 mei syn heit en mem, fjouwer bruorkes en iennichst suske op de boat stapt. Earst mei de molkboat nei Warkum, doe nei Amsterdam, dêrwei mei de Nieuw Amsterdam nei New York en dêrnei noch nei Zeeland-Michigan.

It draaide út op in trageedzje, dy't al begûn by syn pake en beppe Lourens



**WOLLE JO  
WER WEROM  
NEI FRYSLÂN?**

IT IS  
NOFLIK  
WENJEN OP  
ZUIDERVELD-  
PLANTSOEN 5  
OP 'E JOUWER

**vita  
WONEN**  
makelaars en taxateurs

Ter Hûivra 2,  
8501 GZ Joure  
Tel. (0513) 61 70 50

info@vitawonen.nl  
vita-wonen  
@vitawonen

**NVM**

**MAKELAARDIJ  
Christa**

**MAKELAARDIJ  
Chris**

**WWW.VITAWONEN.NL**

**FRYSKE AKADEMY**

**Tank**

oan elk dy't meidien hat oan ús  
ûndersyk nei taalgebrûk fan  
Friezen om utens op sosjale media!

*Benijd  
nei de earste  
resultaten?*

[www.fryske-akademy.nl/omutens](http://www.fryske-akademy.nl/omutens)



Fryske Akademy: wittenskiplik sintrum fan Fryslân

[www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)

**FRYSKE KRITE SÉKRITE  
FOAR FLEVOLÂN  
DÉ KRITE FOAR FRIEZEN  
OM UTENS - JO FIELE  
JO DALIKS BY ÚS THÚS**

**SÉKRITE  
LELYSTÊD**



Sjongkoar fan de Sékrite

© Kopiearrefticht VEB® - 2009

## SISWIZEN.

- Mei de kont kin men net tinke. Lokkich mar, want der binne al tefolle ûnfrisse tinzen.
- Dy't wei is, sit op it húske.
- Dêr hat de bakker syn wiif troch jage. (*wurdt sein fan in bôle mei gatten*)
- Dêr't de froulju binne, betelje de manlju.
- Gjûn mâlder guod as froulju: men kin der net mei oerwei en men kin der net sûnder.
- "Praat my net fan froulju": sei Klaas, "Se keakelje de hiele dei, mar aaien lizze .... ho mar!"
- De trein fan it libben giet ek wol ris troch tsjustere tunnels.
- De ein fan elke reis, is it paad werom.
- 80 yn 'e bocht, pachte Piter, en riid 60 op it rjochte ein.
- Do en ikke moatte inoar wat skikke, sei de kikkert tsjin de earrebarre.
- Dy't de trep dweilje wol, moat fan boppen ôf begjinne.
- It is mear as neat, sei de fisker en helle in kikkert út de fûke.
- Dat hawwe wy wer belibbe, sei Feike en hy kaam yn juny noch te nij-jierroppen.
- Jild jout ferstân, sei de advokaat en hy liet him foarút betelje.
- Ien ha ik, is better as tûzen, hie ik.



Wa't alles  
swartwyt sjocht,  
fleane de kleuren  
op en ôf.

Gys Miedema

## Emigranten



Omdat se sicht op takomst misten  
- en trochpakken wie har wol leard -  
binne se yn fyftich emigreard,  
mei 't húsried yn in grutte kiste.

't Begjin dêr sille se net neame  
dy tiid wie ûnfoarstelber swier,  
en 't heitelân lei fierstefier  
om oars te sjen as yn har dreamen.

It slagge har en krij in goed bestean.  
't Kin lije, gauris wer werom te gean:  
famylje, freonen, 't gea fan har ferline.

Se ha om fierrens brea en wenplak fûn  
en fiele har troch bern en bernsbarn bûn,  
mar wat se mist ha, dat wie hjir te finen.

Ernst Huisman